De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 44 nûmer 3 **april 2014**

Redaksje:	Adres:	tillefoan:
Tryntsje Bouma	Pieter Coopmanstraat 29, 8701 BN Bolsward	
Bauke Dijkstra	Griene Leane 17, 8734 GP Easterein	06-44057088
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295
Sjoerd van Beem	M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels	06-48713325
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444

Ynternetredaksje: Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:		tillefoan:	funksje:
Douwe Dirk Reitsma	Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Gida Heerma	Pipegaal 11 8731 DB Wommels	0515-332227	Skriuwer
Baukje de Jong	v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Andre Vink	De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Robert Schilkamp	Hofkamp 33, 8731 BT Wommels	0515-331816	Foarsitter jongerein
Tina Wiegers	P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus	0515-331365	Ledenadministraasje
Bauke de Boer	A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein	0515-332555	PR en Reklame
Durk Okkema	Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken
Oetze Paauw	Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein	0515-332094.	Skoalleseize

Jongereinkommisje:		tillefoan:	funksje:
Robert Schildkamp	Hofkamp 33, Wommels	0515-331816	Foarsitter
Bote Strikwerda	Wyniastrjitte 10, Spannum	0517-342169	Algemien lid
Thecla Klynsma	Geins 32, Wommels	0515-333037	Algemien lid
Hans v.d. Schaar	Hofkamp 6, Wommels	0626785381	Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Fakant
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Geartsje Klaversma en Jildou Jorritsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	06-53803817	Skriuwer
Durk Okkema	0515-333005	Coördinator A- en B-junioren
Boudewijn Kramer	0515-852400	Coördinator C-junioren
Ayanle Barkat	……	Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Velliga	…….	Coördinator E-pupillen
(tegeare mei Robert Hoekstra 0515-331190)		
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> André Vink
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administraasje
Enne Bruinsma	Algemien lid

Aktiviteitenkommisje: fakant

Wedstrydsekretariaat

Senioaren: André en Tineke Vink, De Singel 30a, 8734 HR Easterein, tel. 0515-333134
Jeugd: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49
Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:		**tillefoan:**
Andries Stuiver	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:		**Tillefoan:**
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	……
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 61,15	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 44,05	it healjier
A- en B-junioren:	€ 48,55	it healjier
C-junioren:	€ 40,85	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 33,30	it healjier
F-pupillen:	€ 28,90	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden,** aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **"oan-/ôfmelde"**.
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.
By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as jim heleas ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)
Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.
By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

24 maaie 2014 of sa

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.
Leafst oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

Troch omstannichheden is de Treffer wat letter en wat tinner as oars. Dochs hoopje wy dat dat jim lêsplezier net bedjerd.
Genietsje fan De Gaastra's, Kees'Kollum, it lêste âlde-lulletoernoai, Opvallend! Reclame, de SDS-look-a-likes, De Selfies, it Fruitmandsje, Sije van der Schaar, de SDS League, de sealkampioenen fan D2, de doelpuntenmakkers en de Hite Nútsjes lykas wy altiten genoaten hawwe fan Bolke.
Wy sille him misse!
(WW)

De Gaastra's



Bolke

De Selfie!



side 6 **side 9** **side 26**

Ynhâld

Fan de redaksje ***3***

Fan it bestjoer ***5***

Trijespan: De Gaastra's ***6***

Út de âlde doaze fan Bolke ***9***

Opvallend! Respect ***11***

Persoanlik: Sije van der Schaar ***12***

Hite nútsjes ***14***

It ljocht op in sponser: Opvallend! ***20***

SDS D2 sealkampioen ***21***

SDS Look-a-likes ***20***

SDS-League ***21***

It lêste "âlde-lullentoernoai" fan Daan Boersma ***22***

Kees'Kollum: Voorwaarts, mars! ***24***

Social Media: In selfie ***26***

In fruitmandsje bringe by Tsjipke Okkema ***29***

Doelpuntenmakkers ***30***

Aginda ***32***

Fan it bestjoer

Beweging

Ook toen de meeste teams nog in de winterstop zaten, was SDS volop in beweging.
Natuurlijk met de kunstgrastrainingen in Sneek en de trainingen die voor een aantal teams al weer zijn opgestart in Easterein, maar vooral op het gebied van de toekomst van SDS.
Het ledental groeit gestaag door, we hebben zelfs een mini-league kunnen starten voor onze jongste voetballertjes ! De club leeft volop en wordt volop beleefd.
Dit laatste bleek maar weer eens op de raadsvergadering van de gemeente van 3 februari. De zaal zag zwart(rood) van de aanwezige SDS'ers.
De voorzitters van de Skoalleseize en SDS brachten de standpunten en wensen van SDS (vooral de wens voor een kunstgrasveld !) in deze, ook voor de gemeente finacieel zware tijden, uitstekend en overtuigend naar voren. Ze werden hiervoor met een (in raadsvergaderingen niet toegestaan…) applaus ondersteund door de aanwezige SDS'ers.
Veel succes voor alle teams in de tweede helft van de competitie !

Tina Wiegers
(ledenadministratie)

S. HEERINGA
Walperterwei 10 8731 CC WOMMELS
Onderhouds-
Reparatie-
en
Scheeps-
betimmeringsbedrijf
Tel. 0515 - 332267

TOP 1 TOYS
nummer één in speelgoed
Voor al uw:
- Luxe en huishoudelijke artikelen
- Speelgoed
- Boeken en tijdschriften
- Kantoor- en schoolbenodigdheden
Fa. van der Velde
Wommels
0515-331201

Trijespan: De Gaastra's

Der binne net folle gezinnen wêr fan trije bern by SDS fuotbalje. Dochs hawwe wy, nei yn de foarige edysje fan de Treffer; Robin, Luka en Milan van der Weg, alwer in trijespan fûn. Dizze kear hawwe wy de trije Gaastra's Grietzen(D3), Gerrit(D4) en Yke(F4, mar ik moat eins in team heger). Alle dagen fan de wike moat der wol ien of twa fan de mannen traine. Mem Anneke hat it dan ek drok mei woskjen en is ek noch lieder fan F4. Wy binne benijd wat de mannen ús te melden hawwe.



Jim sitte alle trije op fuotbaljen, mar moatte jim jim heit dan net helpe mei melken?
"Wy helpe ús heit wol gauris, mar wy hoefe net te helpen as wy fuotbalje moatte. Meastentiids dogge wy yn it wykein wat kluskes foar him of helpe mei it melken".

Harm Stremler fan SDS 1 kin sa goed fuotbalje om 't hy doe 't hy (noch) lyts(er) wie op de pleats fan syn heit en mem altiten mei de bal tsjin de hoksdoar skeat. Dogge jim dat ek?
"Wy fuotbalje wol mei in lyts baltsje yn de bykeuken, om 't it mei in grutte bal net mei. Ek fuotbalje wy wol gauris op it fjildsje hjir neist hûs. Gerrit fuotballet wol gauris tsjin de hoksdoar oan. Dan probearet hy de bal heech te hâlden. Miskien is it dêrom wol dat hy de ienige fan ús trijen is dy 't noch net in koerútsje ynskopt hat……..."

Jim brûke it goalstje hjir neist hûs dus wol gauris?
"Wy komme der no ek krekt wei. Wy fuotbalje dan mei syn trijen. Der stiet ien op goal en wa 't 3 kear skoard hat mei dan keepe".

Jim heit hat yn it ferline ek fuotballe by SDS. Hat hy it der wolris oer?
"Wy hawwe it der lêsten noch oer hân. Sybren Wassenaar brocht hjir in stikje út in âlde Treffer fan doe 't ús heit noch fuotballe. Ús heit hat oan 't de A's keept en gie op syn 18^{e} fan fuotbal ôf. Doe hat der 2 of 3 jier net fuotballe en gie hy der dochs wer op en hat hy noch twa jier fuotballe en sa no en dan keept".

Wat fine jim de beste fuotballer by SDS?
Grietzen; "Nykele Okkema"
Gerrit: "Tsjipke Okkema en Luka van der Weg"

Yke: “De twalling út ús team, Niels en Raymond Terpstra, binne wol hiel goed”.

En wa is de beste trainer?
Grietzen: “Ayanle Barkat”
Yke: “Tsjipke”
Gerrit: “Libbe, Floris en ús mem as coach”

Wolle jim letter ek mei syn trijen yn SDS 1 fuotbaljen?
Grietzen: “Al haw ik letter in goeie baan, dan wol ik noch wol fuotbaljen bliuwe”.
Gerrit: “Dan hoopje ik by SC Cambuur te fuotbaljen”.
Yke: “En ik yn de Champions League……..”

Wat binne jim sterke punten yn it fjild?
Gerrit: “It leafst stean ik yn de spits om ’t ik hurd sjitte kin”.
Grietzen: “Ik stean op goal en haw in hiele goeie refleks”.
Yke: “Ik kin hiel goed keepe en yn de spits, want ik kin hiel goed skore en moai dûke. Oh, ja, en ik kin ek hiel goed tackelje” (en opskeppe seit Gerrit).

Dogge jim ek noch oan oare sporten?
Yke hat lykas Gerrit op judo sitten en Gerrit hat ek noch op Jin-Jitsu sitten.
Yke en Gerrit yn koar: “En Grietzen is kampioen sketen litte oan tafel…”

Wat is jim favorite klup?
Gerrit: “Ajax en Barcelona”
Grietzen: “Ajax en Bayern München”
Yke: “Ajax, Paris Saint Germain en Barcelona”

En wa is de beste fuotballer fan de wrâld?
Yke: “Messi, Eriksen, Sneyder, Neymar, Zlatan en Van Persie“.
Gerrit: “Messi, Schöne, Sneijder, Neymar, Zlatan en Van Persie”
Grietzen: “Robben, Zlatan en Messi”.

Kin jim mem no noch wol gewoan tillevysje sjen of moatte jim altiten it fuotbal sjen?
Wy meie graach it fuotbaljen sjen, mar ús mem ek. Ús mem sjocht it leafst Eeredivisie of as Nederlânse ploegen meidogge oan de Europa-Cup. Oare ploegen yn de Champions League hoeft sy net te sjen. Dan kin sy moai de wosk opteare.

Wa wurdt wereldkampioen yn 2014?
Grietzen: “Nederlân”.
Yke: “Spanje”.
Gerrit: “België”.

Wa kin eins it beste fuotbalje fan jim trijen?
Yn koar: “IKKE”. Yke: ”Mar dan mei in Ygrek……..”

Wat ite jim altiten sneons foar ’t jim fuotballe moatte? Bôle mei pindakaas?
Yke: “Roastere bôle sûnder wat derop mei in bakje té en somtiden wat yoghurt nei”.
Gerrit: “Roastere bôle mei in glês Chocomel derby”.
Grietzen: “Roastere bôle en somtiden noch in komke Cornflakes”.

Wat fine jim fan frouljusfuotbal? Jim mem hat dochs ek in pear jier fuotballe?
Ús mem hat fjouwer jier by VVO yn Easterlittens fuotballe. Doe waard it team opheven om ’t der te min froulju wienen en is ús mem ek mar stoppe. Wy fine frouljusfuotbal oars mar saai.

Wat wolle jim eins letter wurde útsein 100 jier âld?
Grietzen: “Sportkommentator”.
Gerrit: “101”!
Yke: “Wit ik net”

Wolle jim oars ek noch wat kwyt?
“Neuuuhuuhhuhh”
Mem Anneke: “Ik haw de bêrn noch nea sa bolstjurrich sjoen as tidens dit petear”

Dat makket fansels neat, want sûnt wy by de famylje Van der Weg west binne en no dit petear hân hawwe is ús ien ding dúdlik wurden; in Trijespan hâldt hiel wat yn.

(WW)

Sjoch foar al it aktuele SDS-nijs eltse dei op www.vv-sds.nl!

Ut de âlde doaze fan Bolke

Op woansdei 5 maart ferstoar Stoffel Bouma, noch mar 53 jier jong. Wij sjogge efkes werom op de tiid dat Stoffel syn bijdrage levere oan de Treffer.

Yn desimber 1998 kaam de earste Treffer út op A5 formaat en op side 31 stiet de earste kollum fan Bolke. Op dat stuit wist allinne de redaksje dat Bolke Stoffel wie mar wat letter yn de tiid waard it de lêzers hieltyd dúdliker.

De earste kollum fan Bolke hie de titel “Slaan, sloech, haw slein”
“Heit slacht mem, mem slacht mij, ik slaan de hun”sei de jonge,”op sa’n manier dogge wij alle trije wat.

Bolke mocht yn syn stikjes graach siswizen en net faak brûkte útdrukkings. Fierderop yn dat selde stikje stiet:

Gean krekt as Eddy of Ids efter in dam-as in skaakboerd sitten. Gean yn de kantine spikerslaan, slaan ris mei de doarren, slaan ris immen oan de heak, in buorreltsje of in slokje efteroer slaan. Net tefolle fansels, net sûpe dat de lôge jim de kiel útslacht. De kantine soe net net slim fine, want dy kinne der wer jild útslaan.

En sa pakte Bolke alle kearen in nijsgjirrich tema bij de kop. Prachtich fûn hij om te skriuwen. Dat de redaksje bij syn stikjes in skylpodde pleatste wie him lykwols mar min nei it sin. Op de folgjende side in komplete kollum fan Stoffel mei in tema dat 14 jier letter noch altiten aktueel is.

Wyt-swarte fytsen

Amsterdam hat fansels wer de primeur mar ik bin der wiz fan dat soks dêr wer op in flop útrinne sil. Der wurdt wer in protte mienskipsjild tsjinoan smiten wylst elk wol wit dat soks net slagget.
De helte fan de wite fytsen kin men nei in moanne al ôfskriuwe want dy lizze dan al wer yn de gracht, ien tredde wurdt, ûndanks de frjemde opbou as fyts, stellen en in nij kleurke jûn en wer ferkocht. In koart wurdt stript want dêr yn Amsterdam wurdt hiel wat útklaaid en stript en ien fiifde stiet by de fytsemakker want dy binne fernield en sa kin ik noch wol in skofke troch gean en krekt salang as der noch ien oer is foar it museum.

As dit eksperimint no net slagget dan moatte wy as SDS mar ris in baltsje opsmite om dizze fytsen by de skoalleseize te krijen. Bauke de Boer en Teake Klodder dogge der in pear moaie halen mei swarte ferve mei de kwaste der oer hinne en it is yn de SDS kleuren. In stikker fan SDS der op en in heech Tamme flagje fan SDS der op en sa kinne de supporters en leden fan SDS dizze fytsen moai brûke.
Ik neam samar in doarpke en dat is Wommels want foar soksoarte minsken is it parkearterrein by de skoalleseize der eins dellein. It wurd "Carpool" is perfoast net troch dit doarp útfûn.
Ien foar ien ride hja betiden allinne yn de auto nei de sportfjilden en steane om fiif foar healwei trijen yn de file foar Kaféé Bergsma, net dat it dêr te heljen is mar omdat de parkearplakken en al de strjitten fol steane mei auto's. It bard regelmjittich dat guon de earste goals misse moatte.

Lit dizze mannen/froulju allegearre sa'n wyt/swarte fyts mei nimme en gesellich sa mei syn allen nei de sportfjilden ôfsette. Ek nei de measte út wedstriden soe soks net misstean.
De bestjoersleden Meinte en Popko soene wol in tandem krije kinne want wêr men de ien sjocht is de oare ek.
Aant moat ek mar sa'n fyts ha dan kin hy teminsten wer rjocht op sitte. Witte jimme wol dat Aant ilastykjes yn syn burd hat as hy op syn lizfyts oer de diken sliept?

Dat hat in reden want normaalsprutsen hat immen ilastykjes om syn boksen fan syn broek want oars belônet dy miskien wol yn it ketting mar Aant hat se om syn burd want oars fljocht by elke wynflaach (foaral op de lizfyts) it burd him oates en toates foar syn eagen en dan kin hy wakker in bril op ha mar dan sjocht hy oars neat as in grize wrâld.
Foar Sjouke Sjoukema wurdt der dan in spesialen makke want dan kin hy noch ien mear nimme en dat wurdt dan ien mei sydtsjiltsjes.
Mar miskien kin hy dan ek mei ride mei de Haadsponsor want Andre Stuiver hat tastimming om yn syn audi te kommen. Op fersyk fan guon froulju wurdt dizze wite fyts levere sûnder sadel.
It file en parkear probleem wurdt dus oplost troch de wyt/swarte fytsen.

Bolke.

Opvallend Respect !!!

Wat sil ús de kommende wiken opfalle op ús fjilden yn Easterein? As men goed nei ús skiedsrjochters sjocht, dan sil opfalle dat har shirt fan in respekt badge fan de KNVB is foarsjoen. De badges binne beskikber steld troch de KNVB en fierder hat de firma ‘Opvallend!’ út Wommels de badges op de shirts drukt. Wy binne yn elk gefal bliid dat ‘Opvallend!’ dit foar ús skiedsrjochters woe dwaan, dêrfoar ús tank.

Mar oan dizze badge hinget ek in boadskip. Wy freegje dan ek oan al ús foutbaljenden leden, lieders en trainers, ús skiedsrjochters mei alle respekt te behanneljen. Dit jildt fansels ek foar de bondsofficials en grinsrjochters, bestjoersleden, frijwilligers, ensfh ensfh. Net dat dit no net bard by SDS, mar wy wolle de respekt boadskip fan de KNVB graach ek as SDS útdrage. Dit om eksessen dy't yn it ferline hawwe plak fûn yn it Nederlânske fuotbal te foarkommen.
Dêrom; Opvallend Respect !!!

OPVALLEND!
reclame en decoratie atelier
www.opvallend-reclame.nl

(FA)

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: **Sije van der Schaar**	
Namme	Sije van der Schaar
Berne	30-11-2004
Yn Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	KBS It Fûnemint
By SDS sûnt	2010
Team	E4
Gjin fuotbal, dan...	Gitaatspylje
Favorite klup Nederlân	Hearrenfean
Favorite klup bûtenlân	Manchester United
Beste trainer	Myn heit
Beste fuotballer yn Nederlân	Finnbogason
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Wayne Rooney
Favorite fuotballer SDS	Willem Wijnia
Beste keeper	Gert-Jan Hiemstra
Favorite posysje	Spits
Sterkste punt	Technyk, sterk oan de bal
Swakste punt	Ik bin noch wat lyts
Moaiste stadion	Abe Lenstra Stadion

Idoal	AC/DC (de sjonger)
Hichtepunt	Toernooi Bakkefean wûn mei F2
Djiptepunt	Dat ik net mear mei Gerbrand en Jens fuotbalje.
Moaiste goal	Yn de Fkes via de latte, tsjin de peal en doe via de efterholle fan de keeper yn e goal
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Seurende bern op it fuotbalfjild, dat is vetstom
Flint ers yn de búk fan	Dat is geheim
Tillevysje	Zapplive
Muzyk	Peter Pan Speedrock
Lekkerste iten	Spinaceroni
Minst lekkere iten	Blomkoalschotel (jasses)
Drinken	Cola
Nintendo DS, WII, Playstation 3, X-BOX of bûten boartsje	WII
Favorite game	Fifa13
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Twa fingers yn e loft en juiche
Kampioen Earedivyzje 2013/2014	AJAX
Cambuur of SC Heerenveen?	Beide at se mar goed fuotbalje en net sa stom dogge
Moaiste sjurt	It swarte útshirt fan Hearrenfean fan 3 jier lien
Lelijkste sjurt	ADO
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Beide, wat mar better utkomt
At ik letter grut bin dan....	Wurd ik master of proffuotballer
Wolst fierders noch wat kwyt?	Nee

(WW)

Hite nútsjes

It sjit alwer aardich op mei seizoen 2013-2014. Foar wy it witte spylje wy op keunstgêrs. Of sil it sa hurd net rinne?
Wa wit spylje we takomme seizoen wol op snein, as op moandei? As it oan ien fan de politisi fan de foarige rie lei, wie dat in fraach wurdich.....mar sûnder gekheid, de berjochten wienen lêsten net sa min, dat wa wit sjit it op. Hie nea tocht dat ik der op dizze wize oer neitinke soe, mar keunstgêrs is toch echt in needsaak foar SDS wurden.

Stel wy krije 400.000 fan de gemeente foar it opknappen fan de boksen, in keunstgêrsfjild, in tredde fjild en it fergrutsjen fan it B-fjild. Wat moat der dan ôffalle, want foar al dizze dingen is der te min jild fansels.
Yn elts gefal gjin fjild efter de sporthal, mar dêr hawwe wy it alris earder oer hân seker? Sawiesa is dat fuortsmiten jild. Earst mar keunstgêrs en it B-fjild fergrutsje sadat dêr ek keatst wurde kin en miskien wol sa grut meitsje dat der (mei de tiid) 2 fjilden op it B-fjild komme kinne of miskien oardel fjild. Dan ek noch efkes sjen as der lju binne dy 't wat wandtegeltsjes lizzen hawwe, want dan kinne dy moai yn de boksen foar in prikkie. Miskien hâlde wy ek noch wol jild oer?

Wat falt dy dit seizoen it meast op?
Dat in soad fuotballers der net binne. Net op trainen, sneons net te fuotbaljen en net yn de kantine. Wêr 't it fuotbal by in soad SDS'ers jierren op it earste plak stien hat, stiet it no op it tredde plak of sa…….. Nei de frou en hynsteriden…….

"It fuotbal liket op it heden op it 3e plak te stean…… nei de frou en hynsteriden"

Soe der noch in pryske ynsitte foar SDS 1? Of moatte sy mar moai yn dizze Klasse bliuwe?
Wurde der ek poedelpriizen utdield?

Soenen der folgend jier ek noch wat spilers by komme by SDS 1? Wat tinkst? Of wat hoopst?
Farsk bloed is (hast) altyd goed, it kin de boel wer wat op skerp sette en de ferhâldingen feroarje. Bin benijd hoe as de nije trener mei dizze groep en de no hearskjende hierarchie en dynamyk om gean sil. In oantal jonges fuotballet al lang net mear yn SDS 1 om't se dat sa graach wolle, en der dan ek alles foar oer ha, mar om't der (blykber?) net better is.
It soe hiel moai wêze foar it nivo fan SDS 1 en 2 as in soad jongens werom

komme dy ’t by SDS fuotballe hawwe, mar de lêste jierren fuortgien binne. Neam jongens lykas Kees Adema, Jacob van Wieren, Erik Haitsma, Freek Tichelman, Hjalmar Ruiter, Johannes Tichelman, Redmer Strikwerda, Thor Ruiter, Redmer Strikwerda, Martin Rienstra, Arjan Posthumus, Sytze Kooistra, mar ek jonge jongens as Remco Hylkema en Sicco Scheltema. No komme sy fêst net allegear werom, mar in stik of 10 soe SDS goed dwaan.

Fynsto it ek sa sneu foar Lykle Bleekveld?
Tsjintwurdich moatte je ek as amateurtrainer hieltiten earder in kontrakt tekenje, want oars binne alle klups al foarsjoen. Faaks is it dan noch hielendal net bekend hoe ’t it allegear komt. Lykle sil nei TOP’63 en like te tekenjen by in ambisjeuze 3e-Klasser. TOP stiet no allinnich ûnderoan yn de 3e-Klasse en it liket derop dat sy folgend jier yn de 4e-Klasse fuotbalje. Ien foardiel foar Lykle. Dan kin hy ek wer ris kampioen wurde.

SDS 2 slagget der mar net yn om in nije trainer foar folgend seizoen te finen. Hasto noch in idee?
Broer-Wiebe de Ringh wie in alderaardichste opsje west foar dizze groep. It sil noch wol seker in seizoen sa bliuwe dat it twadde driuwt op wat âldere fuotballers. It like my oars aardich as ien as Wouter Hylkema deryn stapt. In âld-fuotballer dy ‘t alles sjocht en neffens my alles goed oerbringe kin op jonge fuotballers.

> “**Of better sein; it oanstellen fan inkelde net al te noazelen**”

Betelle fuotbal; Cambuur - Hearrenfean yn de play-offs?
Om my wol, mar ik tink dat it nei it oanstellen fan Dwight Lodeweges (of better sein; it oanstellen fan inkelde net al te noazelen) it better is fan net. Ik fûn de twa derbys dit jier eins sawiesa al te swier beladen. It hie om my net sa mâl hoecht. Sommige lju seinen dat der tefolle plysje by SC Heerenveen – SC Cambuur wie. Ik wit it net. Ik haw noch nea safolle opstootsjes op in tribune sjoen as by dy wedstryd. No liket it my better dat wy de derby folgend seizoen mar wer hawwe as alle kommoasje wer wat bedarre is. SC Cambuur moat fansels al yn de Eredivisie bliuwe.

Fan't simmer it WK, Oranje stiet der net al te bêst op, mar is in senario as doe yn '78 mooglik (Cruijf en v. Hanegem bleaunen beide thus en we hellen de finale)?
Der waard yn 1978 (lykas 1974 en 2010) troch Nederlân frij stevich fuotballe. Nederlân spile dan ek net it moaiste fuotbal, mar der stienen al in pear flinke houthakkers yn en fansels Robbie Rensenbrink. No kin Arjen Robben wol yn de rol fan Rensenbrink(al mei de bal no net op de peal of krekt neist yn de finale). By de ferdedigers hienen je hoopt dat sy wat mear hite nútsjes iten..... Krekt foar de wedstryd wolteferstean.....

It ljocht op in sponser: ‘Opvallend!’

Yn dizze rubryk hawwe wy dit kear oandacht foar ‘Opvallend! Reclame en decoratie Atelier’ fan Fokelien Mink. Dit bedriuw komt út Wommels en wy tinke dat de measten fan jim it logo fan Opvallend! wolris sjoen hat yn Wommels as op it fuotbalfjild fan SDS. Mar wat docht it bedriuw eins? Fokelien fertelt…

Wat hâld it bedriuw presys yn, wat kinne je ferwachtsje fan in opdracht fan ‘Opvallend!’?
Als men mij vraagt wat mijn werk inhoudt, dan weet ik nooit precies waar ik moet beginnen, het is heel breed namelijk. Officieel heet het Signmaker, maar dat kennen de meeste mensen niet. Ik leg het uit als “uitvoerend reclamebureau”. Ik ontwerp het, ik maak het en ik monteer het. Dat loopt uiteen van een naam op een boot, een reclamebord, gevelbelettering, (vracht)autobelettering, het bedrukken van (werk)kleding, vlaggen, spandoeken, raamfolie, full colours etc. Vaak wordt de huisstijl digitaal aangeleverd en maak ik een ontwerp voor de klant voor bijvoorbeeld een auto. Maar als er nog geen logo is dan kan het zijn dat ik ook het logo ontwerp en het drukwerk verzorg. De afmetingen van de objecten lopen zeer uiteen, van een baby-shirtje tot een vrachtwagen met oplegger. Dat maakt het werk zeer afwisselend

Hoe grut is bedriuw? Wurkest altyd allinne as hast ek minsken yn tsjinst?
Ik ben ZZP-er, dus ik werk in principe alleen. Maar soms zijn de werkzaamheden te groot of te zwaar en dan roep ik de hulp ik van andere ZZP-ers. Het voordeel daarvan is dat je geen personeel op de loonlijst hebt maar dat je toch flexibel bent. Bovendien bouw je een netwerk op, je kan elkaar weer verder helpen.

Binne der ek noch bysûnderheden yn dyn bedriuw wêrtrochsto dy fan oare bedriuwen ûnderskide kinst?
Naast het reguliere reclamewerk, wat al heel breed is, ben ik ook decoratieschilder. Ik heb het ambacht van hout- en marmerimitatie geleerd wat bijvoorbeeld toegepast wordt in kerken en monumentale woningen die gerestaureerd

moeten worden. In 2013 heb ik nog een plafondschildering met waterschade schoongemaakt, geconserveerd en deels gerestaureerd in Frankrijk. Dat zijn wel heel bijzondere opdrachten. Het leuke is de tegenstelling in de werkzaamheden: reclamewerk heeft meestal haast, het moet snel klaar, maar voor zo'n restauratie project moet je de tijd nemen, je moet geen fouten maken en alles moet goed drogen.

Hast in bult wurk yn Easterein en omstreken?
Ik ben gevestigd in Wommels, dus daar heb ik mijn grootste klantenkring. Maar ook daarbuiten weet men mij steeds beter te vinden. De meeste opdrachtgevers komen uit deze regio, maar ik werk ook buiten Friesland. Sinds kort ben ik voorzitter van FrouljufoarFroulju.nl, een netwerk van vrouwelijke Friese ondernemers die zich gezamenlijk, belangenloos, inzetten voor vrouwen die getroffen zijn door borstkanker. Het leuke is dat dit netwerk mij weer in contact brengt met onderneemsters door heel Friesland.

Hoe kaamst yn kontact mei SDS? En wat foar opdracht hast foar de klup dien?
Verenigingen en het bedrijfsleven gaan altijd hand-in-hand. Vrijwilligers spreken hun eigen netwerk aan en zo heb ik heb in eerste instantie een aantal aangeleverde poloshirts bedrukt voor de "Frijwilligers" en later voor het "Bestjoer". De shirts van de scheidsrechters heb ik voorzien van het "Respect" logo. Voor het veld heb ik een full color reclamebord geleverd en ook mijn eigen reclamebord natuurlijk.

Hast sels ek iets mei it fuotbaljen as bist mear dwaande mei oare sporten?
Ik kijk bijna nooit naar een voetbalwedsrijd, behalve als het Nederlands Elftal speelt. Zelf heb ik een opleiding gevolgd tot fitness- en aerobic instructeur. Tot juli 2013 heb ik met veel plezier les gegeven bij Sportcentrum Akkermans in Wommels.Verder stap ik graag op de ski's en ga ik elk jaar de uitdaging van Rondje Ameland (50km wandelen) aan, waarvoor ik structureel te weinig tijd vind om te trainen. Maar de finish komt altijd weer in zicht.

OPVALLEND!
reclame en decoratie atelier

(TB)

SDS D2 kampioen yn Ljouwert

Mei 18 punten ut 6 wedstriden, koe it einliks net mear ferkeard gean. Der moasten noch 3 punten helle wurde yn 2 westryden om kampioen te wurden. Om 13.15u giene we mei syn allen fanut Wommels rjochting Ljouwert. Dat de spanning ek heech oprun by ien fan de lieders die wol bliken underweis nei Ljouwert. Hy wist net iens mear wer Ljouwert lei en stie mei de jongens samar yn Earnewald. Gelokkich wist de oare lieder wol wer Ljouwert lei en koe hy de ferdwaalde jongens telefonisch wer rjochting Ljouwert liede. We wiene noch krekt op tiid yn de Sporthal oan it Kalverdijkje. De taryding koe begjinne en de earste wedstryd wie tsjin Leovardia D6. De mannen wiene skerp al hiel gau skoarde Tjitse de 1-0 nei in assist fan Stan. Dernei gie it hurd. Mei betiiden prachtig “tikkie-takkie”fuotbal waard Leovardia hielendal fuort spiele. It waard 2-0 (Stan), 3-0(Stan), 4-0(Arjen), 5-0(Tjitse), 6-0(Eeltsje), 7-0(Stan), 8-0(Stan) en 9-0(Tjitse). Fanof de bank en tribune waard roppen: TSIEN TSIEN!!! Douwe-Jan kaam TSIEN tellen foar tiid allinich op de keeper of om de TSIENDE te meitsjen.
Hy woe sa graach skoare mar stroffele jammer genoch oer de bal. Trochdat SDS fol op de oanfal spyle, kamen der ek in pear kansen foar Leovardia. Mar dan stiet der altyd wer us geweldiche keeper Jeffrey. Hy wie net fan plan om dan ek mar ien bal troch te litten. Mei prachtige, soms unmogelike reddingen hald hy syn goal skjin. De twadde wedstryd tsjin Leovardia D5 die der einliks net mear ta, mar dat wisten de jongens fan SDS net. Ek woene wy de leste wedstryd winne. De westryd wie minder dan de earste, mar dochs waard der makkelik wun mei 4-0. Doelpuntenmakkers: Stan, Arjen en Tjiste(2x). Dat we de 0 halden wie foar in grut diel wer te danken oan Jeffrey. Dernei koe it feest begjinne.

Under grutte belangstelling waarden de dik fertsjinne medailles utdield troch de foarsitter fan de jongerein fan SDS, Robert Schildkamp. Dernei galme de TSUNAMI troch de klaaikeamer.
Neist fuotbalje kinnen de mannen fan SDS ek aardich dûnsje. Nei it douchen giene we wer mei syn allen rjochting Wommels. Op de Skries wie it gebak ite, kola drinke, patat/frikandellen/kroketten ite en Olympische Spelen sjen. Dernei gie it hiele spul wer nei buten en je ride al wat se dan doche: Fuotbalje fansels.
Om 19.00u wie it feest ofrun. Elsensien gie nei hus of waard thus brocht.
Wy meie wol sizze: It wie in tige slagge midje!!!!
Ik wol noch efkes trye minsken bedanke foar it dwaan fan de saalwacht/skoardeboerd; Lysanne Wiersma, Christel Andringa en Matthijs Postma. Tige dank hjir foar.

Theo.

VOOR AL UW SCHOONMAAK WERKZAAMHEDEN, zoals:

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN van GEBOUWEN en NIEUWBOUW

M. Sijszeling's Schoonmaakbedrijf v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39
Telefoon 0515 332279

Altena
Tuinaanleg & Onderhoud
Doet uw groene hart sneller kloppen

S.J. ALTENA

S.J. Altena
Bonkelaar 22
8608 WC Sneek
Tel. (0515) 43 89 79
Fax (0515) 43 89 78
mobile 06-54 29 60 77

www.altenatuin.nl

SDS-Look-a-likes(7)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl!**

Jelte-Pieter Dijkstra as Christian Kum fan SC Heerenveen:

De Amish-Australische Bram Strubbe as Arda Turan fan Atlético Madrid

Johan Heerma as Jeroen Verhoeven:

SDS League

Nei de winterstop wie it wer in hiele toer om in nij team foar de SDS-League ynelkoar te draaien al is it somtiden maklijker as dat je tinke:

In nij team nei De Winter(AZ)stop ynfulle is maklik. Je kinne it Vrij(FEY) dwaan lykas je de bal as in Kanon(ADO) Blind(AJA) Höch(er)(ROD) Foor(NEC) de Pot(GRO) smite foar goeie Koppers(TWE). Najah(RKC), miskien is oars Hiwat(PEC) en eins makket it ek neat Uth(HER). It is foar in goed doel!

Elts seizoen binne der twa edysjes fan de SDS League. De earste helte fan it seizoen en de twadde helte. It kostet €12,50 per seizoenshelte en der binne leuke jildpryskes te winnen. It jild wat oer bliuwt giet nei SDS.
Mei de WK yn Brazilië komt der fansels ek wer in SDS-WK-League!

(WW)

Vacature!!!

Per november 2013 is het bestuur van vv-SDS al op zoek naar een wedstrijdsecretaris, dit omdat de huidige wedstrijdsecretaris na 8 jaar gaat stoppen.
Als wedstrijdsecretaris maak je ook deel uit van het hoofdbestuur, draai je mee in het schema bestuurslid van dienst en werk je samen met onze jeugdwedstrijdsecretaris en de scheidsrechterscommissie.
Veel zaken kun je via email en telefoon doordeweeks vanuit huis doen.
Belangrijke eigenschappen of vaardigheden zijn: accuraat kunnen werken en beschikken over voldoende communicatieve vaardigheden.
De vacatures ontstaat in principe vanaf november maar het is handig om je zo spoedig mogelijk aan te melden zodat je alvast mee kunt draaien om ervaring op te doen.
Wij zijn op zoek naar een man, vrouw of zelf echtpaar om ons bestuur te versterken!
Voor informatie kunt u terecht bij:
Douwe Durk Reitsma, telefoon 0515-332500 (voorzitter) of
Andre Vink, telefoon 0515-333134 (huidig wedstrijdsecretaris)

It lêste “âlde-lullentoernoai” fan Daan Boersma

Yn 1977 kaam der in sporthal yn Easterein. Al gau waard dizze folop benutten troch û.o. sealfuotbal. Sa spilen û.o. ploegen út Makkum, Snits, Boalsert en Easterein harren thúswedstriden yn sporthal De Greidhoeke. Op snein waarden der ek faaks sealfuotbal-toernoaien organisearre. Tinus Hoekstra regele dit. Ien fan dy toernoaien naam Daan Boersma yn de rin fan de jierren oer en sa ûntstie der it ûnderwilens ferneamde “âlde-lullentoernoai”. Spilers fan eartiids fan de Boazummer Mjitte, de Buma-Boys út Snits, Kafee Bergsma, Sporthal de Greidhoeke en it Zwaantje út Makkum dy ’t ien kear yn it jier tsjin elkoar sealfuotballen en nei de tiid wrâldperikelen besprekke ûnder it genot fan in hapke en in snapke en fansels de wrâldferneamde speech fan Daan “Loewietje” Boersma.
In heal jier foar it toernoai begjint Daan altiten al mei de tariedings. Hy skillet de spilersfroulju en hellet in bakje kofje om tagelyk it spylskema te bringen. Der waard striden om de sprekwurdelike eare en raar mar wier it rûn nea út, want dat soe allegear fan de neisittiid ôfgean . It toernoai siet oplêst fol tradysjes, sa as de fêste skiedsrjochters Landstra en Bokma, de wedstriidlieder Erwin de Boer, de fêste neisittafel foar elkenien, de bitterballen, de taspraak fan Daan en de fiif histoaryske tankwurden fan de hear Meester fan team Buma (“Bedankt voor het mooie toernooi”!).

Lyk as de grutte “Loewie” (Van Gaal, red.) altiten docht, dielde ek “Daan Loewie” altiten flinke klappen út mei moaie wurden.
It “âlde-lullentoernoai” waard sa op snein 9 maart foar de 25e kear organisearre troch Daan Boersma en dêrmei stoppet it ek. Inkele ploegen slachje der

hieltiten minder yn om in team byelkoar te krijen en Daan jout it stokje dan ek graach oer oan in mooglike nije driuwende krêft.
Op it alderlêst fan de jûn mocht (tradisjoneel) “Koos Alberts” de jûn en it hiele barren ôfslúte.
Mannen fan it earste oere dy ’t no ek noch mei fuotballen wienen Ype Tiemersma, Klaas Abma, Tjeerd Dijkstra, Hendrik Okkema, Tjerk Okkema, Pieter Veenje, de Bumaboys út Snits en Siep Boonstra en dêrmei is dúdlik dat de gemiddelde leeftyd yn al dy jierren flink omheech gien is. De measte fan harren fytsen hawwe dit net rêden…

(WW/AH)

SDS-Klean

Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside **www.vv-sds.nl** en druk op:

Dit is der allegear te krijen:
SDS-Tas: €33,-
SDS-Rugzak: €31,-
SDS-Trainingspak: €42,-
SDS-trainingsbroek: €25,-
SDS-Trainingsbroek kort: €18,50
SDS-Sweater: €25,-
SDS-Midjack: €47,50
SDS-Trainingsshirt dry-fit: €21,50
SDS-Polo: €21,-
Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei Douwe Dirk Reitsma(332500), want SDS hat wat SDS klean op foarrie.

Kees' kollum; Voorwaarts, mars!

Hûndert jier lien wienen de mannen fan de ferskeidene grutte Europese ryken net iens echt ûntefreden oer it útbrekken fan oarloch. Guons stapten fluitend de trein yn en gienen huld yn kleurrijke uniformen en in sabel oan de heup nijskjirrich it slachfjild op om dêr ferfolgens troch machinegeweren en mosterdgas oan harren ein te kommen. Sy dy it der libjend fanôf brochten wienen op slach genezen fan harren naieviteit.
Sa'n bytsje itselfde stiet ús mannen te wachtsjen die aanst yn it fleantúch nei Brazilië stappe. Fol goede moed, want "sjoch die statistiken ris" en "wat giet dat posysjespul toch lekker!", stjoere we Daley Blind en Stijn Schaars aanst de favella's yn. Eerst sille se nog wat laitsje om die gekke hotels en die âlde klaaikeamers mar dan meie se it fjild betrede.
Daley hat krekt de hierkes nog efkes wiet makke want syn mem sit ek foar de tillevysje. De Vrij makket wat geintsjes mei Davy Klaassen. It folksliet is klear. De bal leit op de middenstip en in fluitsje is te hearren. Dan komt de guerrillaspits Suarez tusken de linies troch drafen. Wie pakt hem oan? Schaars sjocht achter him, mar dêr stiet Ron Vlaar nei syn losse fiters te sjen. De dûbele knoop hat net wurke. Lokkich giet it skot krekt oer. Dan mar efkes moai opboue. Cillissen smyt de bal nonsjalant nei Van Rhijn die bliid is dat hij syn koach sjen litte kin hoe moai hy 't in bal oannimme kin. De bodycheck fan Vidal wie net ynkalkuleard en Ricardo fielt sich no in bytsje misselijk. Of Van Gaal hem wikselje wol?
Generaal Van Gaal hat hjir gean each foar, want it besef dat *syn* striidplan it jiskefet yn kin wol net yn syn platte kop. Kluivert byt op syn ûnderlip: hy hie noch sa syn best dien om de looplijnen mei in lineaal op it papier te setten en ferskillende kleurkes te brûken. Blind op syn beurt hat wol troch dat it gjin snelle, iepen striid mei oanfallen oer de flanken en keurige foarsetsjes op de earste peal wurdt. Syn soarchen gean ut nei syn soan dy 't yn de loopgraven stiet.

"Wat giet dat posysjespul toch lekker!"

Tsjinoer it fysike geweld fan de Dútsers, Fransen en Argentijnen foldogge ús 11 pudding-tarzans net. Mar wer is ús grove geskut? Hienen wy dêr net ergens wat fan lizzen? In snelle blik wiist út dat Kevin 'home alone' is, Van Bommel op syn laueren rêst en Nigel-de-terrier-de Jong oan de ketting yn Milaan leit. Yn Porthsmouth slaat Pieters in raam stikken út frustraasje.

Yn Nederland giet de tillevysje út want dit is net gesellich. Fiif verontwaardigde sjoernalisten wachtsje twa wiken letter in ferslein groepke mannen op op Schiphol. Oan wa hawwe we dit debakel te danken? As in echte generaal wiist Van Gaal op syn Von-Hindenburgs mei syn finger nei eltsenien útsein himsels. De KNVB hat him en syn troepen in mes yn de rêch stutsen troch jierrenlang in beleid te fieren dat net mear fan dizze tiid is (Noorse trainingsskema's sis mar). It nivo fan de Nederlânse kompetysje is te leech, ús spilers moatte we langer hâlde kinne.

"De sportschool in. Nu!!"

Wienen der dan net al signalen dat it mis gean koe? Byfoarbield dy wedstriden tsjin Dútslân en Frankryk? Of Ajax-Salzburg? Dat is iets om yn de takomst, yn in aparte kommissie te evalueren mei in bak koffje derby, fertelt good old Hiddink oan Joep Schreuder op de Herdgang. Danny Blind knikt heftig, mar stjoert lyk nei de útstjoering fia de whatsapp nei soan Daley "De sportschool in. Nu!!".

(KA)

DE GREIDHOEKE
Sportkafé – Sporthal - Easterein

beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjirnei bytanke
by Titus

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

Social media: in ‘selfie’.

Yn dizze rubryk besprekke wy de social media. Sa haw wy al in oantal kear SDS’ers besprutsen oan de hân fan hun facebook- en/as twitterpagina’s. Op dy media sites litte minsken sjen wat hun boeit, se diele ferhalen, kunde en ûnderfiningen. Sommige minsken dogge dit ûnder oare mei in ‘selfie’. Mooglik ha jim wolris fan dit wurd heart, it wie namelijk it wurd fan 2013 en dêrom opnommen yn de Dikke fan Dale. In ‘selfie’ is in fotografysk selsportret, makke mei in kamera as mobile tillefoan yn ’e hân. Op dy foto sjogge we de persoan dy ’t de kamera beethâld. Wy ha efkes strúnt op ynternet nei ‘selfies’ fan SDS’ers.. en dan binne der noch al wat!

In goed foarbield fan in ‘selfie’ jouwt Hans v/d Schaar ús. Je sjogge syn earmen noch wêrmei hy de kamera beethâld. Hy hat dus in foto fan himsels makke en der moat je frij serieus foar wêze sa te sjen….

Dan komme wy in foto fan 4 (âld)-SDS’ers tsjin. Sa sjogge wy Gida, Ieda, Johan en Pieter yn ‘e auto. Sy binne ûnderweis nei ‘Train’, yn’e auto…….



Selfies yn ‘e auto binne blykber populêr. Sa sjogge we Pieter W, Klaas Bouke F. en Jurjen E. Soeden sy weromkomme fan in fuotbalwedstriid en 2-2 spile ha?

Yn in donker hoekje meitsje Jan en Jeroen ek graach in kiekje.

De famkes fan Veenje binne ek net frjemd fan ‘e kamera.. As dochs wol? Hjir sjogge wy (âld)-SDS’ers Alissa, Sjanoek en Tarina.



Haptamu de Hoop is mar in stoere kerel, hy hat in selfie makke tydens de ynhuldiging fan Koning Willem-Alexander.

Dat it net altyd serieus hoegt lit Skelte Anema hjir sjen. Hjir sjogge wy in heuse ‘selfie duckface’. Ja… in einebek! As wol Skelte oan immen in tútsje jaan…?



Sa sjogge wy by Hendrik Engbrenhof in protte foto’s op syn pagina, werûnder in oantal ‘selfies’. Hjir sjogge wy Hendrik yn in Juventus-shirt, mei (in lyts gokje..) ‘goede tijden, slechte tijden’ op ‘e eftergrûn.

In bysûndere selfie fan de gebroeders Postma en Bram van Beem: mei syn 3’n yn 1 bêd.

Hjir ha wy gjin wurden foar…

Jim sjogge it sels! De SDS’ers binne mar wat aktyf op social media. Wy binne benijd hokker selfies der de kommende tiid noch by komme… Dan soargje wy foar in moai plakje yn ‘e Treffer! (TB)

In fruitmandsje bringe by Tsjipke Okkema

Sûnt in pear wiken misse der aardich wat spilers by SDS 1. Sa ek Tsjipke Okkema. Wy binne benijd wat him skeeld.

Wêr hast lêst fan?
Fan'e rech.

Hoe hast dat sa krigen?
Troch al hiel wat jierren in ferkearde hâlding oan te nimmen by bygelyks it tillen, bukken, sitten, ensfh. Tiidens de fuotbalwedstriid tsjin Oudehaske sjitte it deryn.

Sit it wat yn de familie?
Ja dat sit it seker. Heit en mem hawwe beide in hernia hân. Myn susters hawwe ek regelmjittich rêchklachten.

Sit der al wat ferbettering yn?
Ja hear. Doch eltse dei oefeningen op in soart fan skippybal. En ik moat goed om mien hâlding tinke, rjochtop sitte. Mei alwer in rûntsje te hurdrinnen.

Hat Dooitze dy ek noch wat helpe kinnen?
Foar de wedstriid tsjin Oudehaske krige ik al wat lest. Dooitze hat my dêrfoar behannele, mar yn dit gefal wiene it net de spieren mar de gewrichten die 't my dwers sieten.

Sjogge wy dit seizoen noch fuotbaljen of miskien in kear flagjen?
Tink net dat ik noch fuotbalje kin fan't jier. Flagjen is neat foar my.

Wat mist it meast no asto net fuotballest?
Dat je net mei dwaan kinne. Alhoewol it de lêste jierren mei it earste net al te bêst wie sawol yn it fjild as der bûten fine je it spultsje noch fiersten te moai. En de geselligens nei de tiid fansels.

Wat dochsto no sa'n sneon?
Mei de C1 op paad. Sjen at we noch wat mooie wedstriden spylje kinne om punten te pakken. Ek kom ik sjen hoe 't it mei de Minileague giet fansels. En middeis sjen hoe't it earste it der fanôf bringt. Genôch om net nei de stêd te kinnen tocht ik sa.

Betterskip!

(WW)

Doelpuntenmakkers



It is no begjin april en it oantal doelpunten wat in team makke hat liket illustratyf foar de posysje op de ranglist. SDS 4 en SDS 5 haawe tegearre 90 doelpunten makke mar it is wat ûgelyk ferdield. SDS 5 stiet dan ek hielendal boppe oan en sij sjogge harren sels yn tinzen al op de platte karre sitten en SDS 4 hie graach nei de ienige oerwinning okkerdeis op ONS ek op de platte karre wollen.
De oare teams steane yn de brede middenmoat en sitte ek allegear hast op twa doelpunten gemiddeld per wedstriid.
Mei noch in stik as 5 wedstriden te gean soene wij sizze dat SDS 1 op 50 útkomme moat dat SDS 2 en SDS 3 op 55 útkomme , dat SDS 4 de 20 noch hellet, dat SDS 5 de histoaryske 100 helje kin en de VR1 der noch 16 bij skoare en sa op 50 útkomme.



Op it momint dat wij dit skriuwe hat Alfred Finbogasson dit seizoen 25 doelpunten makke bij sc Hearrenfean. Dat is like folle as Robert Sijbesma bij SDS 5 (24) en SDS 4 (1). Hij wurdt foaral efterfolge troch de altyd en oeral skoarende Ayanle Barkat út Rien. Hij die it yn trije ferskillende alvetallen. Jappie Wijnia stiet as "Killer"noch wol op nû trije mei 18 mar sjoen syn blessure sjogge wij Pieter Kamstra dy't 17 kear yn SDS 3 skoarde en Peter Sijbesma mei 16 doelpunten him noch foarbij gean. Dat it skoaren bij SDS 1 dit jier ek wat better giet sjogge wij oan Dirk Yde Sjaarda en Wytze Lanting dy't mei njoggen en sân boppe yn de middenmoat stean.
Fan de froulju sjogge wij bij de earste 20 Sieta Tessemaker, Hester Kingma en Jildou Jorritsma stean.
Totaal binne der 242 doelpunten op eigen krêft makke troch dizze 6 alvetallen en dat is realisearre troch 60 ferskillende spilers of spylsters.
De komplete list kinne jim alle dagen sjen op **www.vv-sds.nl** ûnder it kopke senioren. (AH)

Aginda

Wannear?	Wat ?
11-april	Peter Pan Speedrock yn Theater Romein
12-april	QVC 1 - SDS 1
19-april	SDS 1 - Nijland 1
20-april	Bekerfinale: PEC Zwolle - Ajax
21-april	Ynhel/beker
21-april	Aaipop
26-april	Keningsdei
3-maaie	NOK 1 - SDS 1
5-maaie	Befrijdingsdei
10-maaie	SDS 1 - Berlikum 1
10-maaie	SDS 2 derop út!
18-maaie	Marathon fan Ljouwert
23-maaie	SDS-slotjûn foar de jeugd fanôf 17.00.
29-maaie	Himelfeartsdei
31-maaie	Fortarock
7-juny	Midsimmercup
9-juny	Pinkstermoandei
12-juny	Start WK-fuotbal
13-juny	Spanje - Nederlân
14-juny	Ingelân - Italië
16-juny	Dútslân - Portugal
18-juny	Australië - Nederlân
19-21-juny	Wommelser Feesten
21-juny	Mar-a-thon Snits
23-juny	Nederlân - Chili
26-27 juny	Eastereiner Feesten
27-29 juny	Graspop
7-11 july	Spulwike
13-july	WK-finale
18-20 july	Welcome to the Village yn Ljouwert
19 july	Start SKS Skûtsjesilen
23-july	Jongfeintenparij yn Easterein
30-july	PC
6-aug	Freule
6-sep	Start kompetysje 2014-2015 SDS 1
13-sep	Daan Boersma wurdt 50 jier!
13-sep	Greidhoek' Festival yn Wommels